



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en begjint ‘in mij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, fan harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. Hjoed krije se fan mem te hearren hoe’t Jezus wend is te bidden.

Hoe kinne wy bidde?

Lukas 11, 1-4

Sara moast de hiele dei aan de nije buorlju tinke.

“Hast se al sjoen?” frege se aan Simon.

“Nee!” antwurde Simon. “Heit sei dat se moarn komme.” Simon stie op in muorke en plukte oliven fan de beam. “Sjoch, pak ris oan”, rôp er, “de koer is fol.”

“Miskien komme se wol earder”, sei Sara. Underwilens pakte se de folle koer oan en joech Simon in lege koer werom.

Se koe hast net wachtsje. Der wie safolle dat se freegje woe. Dat makke it allinne mar noch spannender.

“Simon, tinksto dat ús nije buorlju Jezus kenne?” frege se.

Simon leunde tsjin ’e grouwe stam fan de olivebeam oan. Hy moast him bot ynspanne om net te fallen. Dêrom koe er neat sizze.

Mar Sara frege troch: “Tinksto dat se krekt sa bidde as Jezus?”

Gelokkich, dêr kaam mem oan. “We hâlde earst efkes skoft!” rôp se. “Dan sil ik jim fertelle fan Jezus’ learlingen. Dy fûnen it bidden fan Jezus earst mar frjemd. Harkje mar...”

It waard al drok yn ’e haven doe’t Petrus, Johannes en Andreas út ’e boat staptten. Se wiene fan ’e moarn betiid al te fiskjen gien.

“In bêste fangst!” rôp Andreas. “Ik sil fuort mar wat fisk skjinmeitsje, dan kinne we dy aanst roasterje.” Hy gong op ’e knibbels lizzen en helle de fisk ien foar ien foarsichtich út de netten. “Tsjonge jonge, fette fisk, hear”, rôp er bliid.

Petrus ruts him ris flink út. Hy wie stiif fan dat sitten yn 'e boat. "Wêr soe Jezus wêze?" frege er.

"Dy is fan 'e moarn tagelyk mei ús wekker wurden. Hy sei tsjin my dat Er bidde woe," sei Johannes.

"Fine jim dat net frjemd?" frege Petrus. Hy seach Johannes oan...

"Do bedoelst dat Jezus seit dat er bidde wol?" frege Johannes.

"Ja, ik bedoel dat bidden", sei Petrus. "Jezus bidt hiel oars as wy."

Andreas wie al drok oan it fisk klearmeitsjen, mar kaam der no ek by te stean . "Witte jim wat ik sa frjemd fyn?" sei er. "Dat Jezus nei in iensum plak giet om te bidden."

"Krekt!" sei Petrus. Hy wie bliid dat de oaren der ek sa oer tochten. "Eartiids haw ik it bidden yn 'e synagoge leard. En no wit ik soms net mear wat ik bidde moat."

Johannes en Andreas knikten. "Wy ek net!" seine se tagelyk.

"Witte jim wat?" sei Johannes, "We freegje it aanst oan Jezus."

"Sjoch, dêr komt Er al oan", flûstere Johannes. "Lit ús daliks mar nei Him tagean."

De oare learlingen kamen der ek by te stean. Petrus die in stap nei foaren en frege:

"Meie wy Jo wat freegje?"

"Jawis!" antwurde Jezus

Petrus moast efkes neitinke... Doe sei er: "Wolle Jo ús leare hoe't wy bidde kinne?"

Jezus hie hiel goed troch wat Petrus bedoelde. Dêrom sei Er: "Gean mar sitten. Dan sil ik jim fertelle fan Myn Heit."

Allegearre sochten se in plakje op. In pear learlingen giene yn 'e boat sitten. Petrus siet op 'e barte. Oaren sieten yn it gers.

Doe fertelde Jezus dat Er in stil plakje útsocht hie om te bidden. Hy sei: "Dêr haw ik praat mei God. Dat haw ik nedich. Oars kin ik de minsken net goed fan God fertelle. As ik bid, neam ik God Heit. Dan bin Ik hiel ticht by Him. Ik hâld fan myn Heit."

"Kinne wy dat ek leare?" frege Petrus.

Jezus knikte en sei: "Harkje, sa kinne jim bidde:

Us Heit yn 'e himel,
lit Jo namme hillige wurde,
lit Jo keninkryk komme,
lit Jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skulnders ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.

Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid,
Amen."